

## **LITURGY SNEIN 10 AUGUSTUS**

**Foargonger: dhr. H. Giliam, Pingjum**

**Âlderling: Aagje Wouda**

**Lector: Syds Keuning**

**Oargelist: Eeuwe Zijlstra**

### **Wolkomstwurden**

#### **YNTOCHTSLIET: 807**

1. In minske wêze op ierde  
docht sûnt de berte altyd sear,  
de wei werom bestiet net mear.  
In minske wêze op ierde  
is libje fan 'e wyn.

2. De beammen hawwe woartels,  
de beammen fine earne hâld,  
mar minsken dwale oer de wrâld.  
De beammen hawwe woartels,  
mar minsken gean foarby.

6. Hoe sille wy folbringe  
wat alle tiid ferduorje moat;  
wa dy't hjir ivich libben hat?  
Wy stean yn brân fan binnen  
oant it foltôge is.

### **STILLE BEA**

### **FOATUM EN GROET**

#### **PSALMBEA: 150**

1. Loovje God yn 't hillichdom!  
Rop syn namme oeral om,  
heger as it firmamint,  
fierder as de sinne rint.  
Al wat libben hat op ierde,  
loovje Him yn syn hielal  
foar syn wûnders sûnder tal.  
Wol Him earje en hulde biede!

*Halleluja.*

*Loovje God yn syn hillichdom,*

*loovje Him yn syn machtich ferwulft,*

*loovje Him om syn machtige dieden,*

*loovje Him, machtich en grut dat Er is,*

*loovje Him mei de klang fan 'e rammehoarn,*

*loovje Him mei harp en liere,*

*loovje Him mei tromme en dûns,*

*loovje Him mei snaren en fluit,*

*loovje Him mei slaande bekkens,*

*loovje Him mei sketterjende bekkens,*

*al wat sykhellet, loovje de Heare.*

*Halleluja.*

2. Rammehoarn mei sterke stim,  
harp en siter, loovje Him.

Lit de wrâld yn wille wei  
sjonge en dûnsje troch de dei  
by de bekkens en de lieren.

Set by tromme en tamboeryn  
heech it halleluja yn  
om in feest foar God te fieren!

## **OANSTEKKE FAN DE FREDE KEARS**

### **FREDE TEKST**

### **FERMOEDSOENINGSBEA**

### **WURD FAN FERJOWING**

#### **LIET: 256 (3x)**

Bliuw mei jo genede by ús,  
Hear, bliuw by ús.

Ja bliuw mei jo genede by ús.  
Jo, trouwe God.

### **WURD FAN TANKBERENS**

#### **LIET: 256 (3x)**

### **BEA OM DE GEAST**

### **SKRIFTLÊZING: Gen. 28: 10-22**

#### **LIET: 280**

5. Dat elk fan ús jo antlit sjocht,  
jo namme, dy't ús liedt  
en hilligje ús hjir mei jo ljocht,  
jo ivich wize ried.

6. Jou dat wy 't wurd opnij ferstean  
en brek foar ús it brea  
ta iten om ús wei te gean  
troch libben en troch dea.

7. Dit hûs slyt lykas wy, mar wa't  
hjir feilich skûlplak fûn  
wurdt bliuwend op syn libbenspaad  
wer moed en sterkte jûn.

**TEKST: Gen. 28: 16b**

**PREEK**

**OARGELSPYLJEN**

**LIET: LLL 120: 1, 2 en 3  
(MILODY LB1973: 487)**

1. De Hear seach nei my om en  
ûnfertocht  
kaam ik ta libben, frij fan myn ferline.  
By neare nacht omstrielet my syn ljocht,  
de skaden yn mijn hert en each ferdwine.  
Hy komt my oer, hy nimt my yn út nocht  
en sil my, as ik net mear kin, wol fine.

2. Hy komt en giet, Hij het de frije hân,  
mar yn syn palmen stean ús nammen  
griffe.  
De Hear wol ús bebouwe as syn lân,  
plantet yn ús syn beam fan ivich libben.  
Boartsjendewei smeit Hy in leafdesbân.  
Wy binn' syn skepping, boud as út syn  
ribbe.

3. Jo jouwe it jo leafsten yn 'e sûs,  
siedzje yn ús jo namme wylst wy sliepe.  
Lykas de rein dy't troch de beammen  
strûst,  
sa sette Jo ús libben nei Jo iepen  
en komt jo leafde oer ús by de rûs.  
Sa waait ús oan dêr 't wy fergees nei  
griepen.

**BEA, ôfsletten mei:**

God fan fier en hein ús Heit,  
dat wy hilligje jo namme,  
ûnder ús sa faak ûntwijd,  
troch jo eigen bern beskamme.

Bûch de folken nei jo wet,  
lit jo ryk op ierde komme.  
Byn jo wil ús op it hert  
en wy sykhelje ferromme.

Jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou wat wy misdiene,  
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,  
al dy't skuldich foar ús stiene

Lit oer ús gjin neare nacht,  
lied ús net yn blyn begearen.  
Binne wy yn duvels macht,  
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein ús Heit,  
wûnder heimnis is jo namme,  
grut yn krêft en hearlikheid,  
oant yn alle tiden. Amen

**KOLLEKTE**

**SLOTLIET : LLL 122  
(Mildy: JdH 17)**

1. As ik mar wit dat hjir myn wei,  
Hear, oanjûn wurdt troch Jo,  
En dat dy wei, hoe dreech en swier,  
my tichter bringt by jo.

**REFR.:**

Tichter by Jo, tichter by jo,  
tichter, myn Heilân by jo.  
As ik mar wit, dat alles hjir  
my tichter bringt by Jo.

2. As ik mar wit dat ek foar my  
de Heilân 't lijen droech,  
en troch syn krús en troch syn dea  
in libbenskroan my joech .

**REFR.**

3. As ik mar wit, jo leafde, Hear,  
fereastet dei oan dei,  
dan sjong ik bliid, wat ek myn lot  
op ierde wêze mei.

**REFR.**

4. As ik mar wit, as 'k inkeld hjir  
mar drôvens moetsje\_of krús,  
dat dochs elk krús my tichter bringt  
by Jo, foar ivich thús.

**REFR.**

**SEGENBEA**